

Johannes Wassenaar 1924 – 1944.

Heit Jan Wassenaar (1894-1970) en mem Lieuwkje Hiemstra (1897 – 1974) wennen yn ien fan de trije arbeiderswenten te Raard. De húskes stienen eartiids oan 'e râne fan Raard en seagen út op it hjoeddeiske sportfjild fan Raard. Jan wie boerearbeider by Feddema op Kleffens en letter los by de Attema's. Hy wie ek mûnder op de Kleffensmûne yn Lichtaart. It âlde fundamint stiet noch oan it fytspaad tusken Lichtaart en Iewâl yn. Lieuwkje komt út in fiskersfamylje fan Wierum. Op de sédyk dêr stiet in oantinken oan de fiskersramp, werop ek Hiemstra's steane.

DE KLEINE JOHANNES

Johannes Wassenaar, geboren 25 december 1924 te Raard in Friesland, was de allereerste onderduiker die door de officiële LO (Landelijke Organisatie voor Hulp aan Onderduikers) werd geplaatst op een onderduikadres.

Johannes woonde in Lichtaard (Friesland) en werd (in 1943) opgeroepen voor de arbeidsdienst. Hij wilde niet in de arbeidsdienst en daarom dook hij onder.

Hij was toen nog maar 18 jaar oud. Hij leek nog een kind. Kleren had hij heel weinig, want hij was de oudste uit een groot arbeidersgezin. Een manufacturier zorgde echter voor een uitzet en de kerkvoogdij betaalde later de rekening.

Twee jaar later pakten de Nazi-handlangers de kleine Johannes óp toen hij even thuis was. Hij is in Neuengamme terecht gekomen. Daar had hij het kampnummer 48925, en hij is daar op 17 december 1944 overleden.

Hij was in zekere zin de eerste onderduiker van de LO. Geen verzetsman, dat wil zeggen, geen lid van een verzetsorganisatie, maar hij pleegde verzet door niet te doen wat de Nazi's van hem verlangden. En hij werd daarbij geholpen.

Dit is het eerste verhaal. Er zijn veel verhalen op gevolgd, heel veel andere onderduikers, in totaal ongeveer 300.000. Die zijn ook allemaal geholpen en gelukkig zijn ze lang niet allemaal in Neuengamme terecht gekomen.

Johannes Wassenaar was een landarbeider, een gewone jongen, met een moeder die bezorgd voor hem was en die vroeg aan zijn helpers: "Hat hy in goed plak?" (heeft hij een goed onderkomen). De geschiedenis van het verzet in de oorlog is de geschiedenis van gewone mensen en gewone jongens zoals de kleine Johannes, die gewoon deden wat ze dachten te moeten doen.

L.V.



Dit stikje stie yn sept. 1945 yn it Friesch Dagblad.

Johannes wie de âldste út in húshâlding fan tsien bern. Yn syn jonge jierren gie hy op skoalle yn Raard by meester Bulthús. Dy twa koenen hiel goed meielkoar opsjitte. Sa die bliken dat Jehannes hiel moai tekenje koe. Fan meester mocht Jehannes, en der wie noch in jonge, as ienichsten mei Oastindiske inket wurkje. Sa koe Jehannes bygelyks hiel moai in ljip of in strânlip úttekenje. Doe't hy fan skoalle kaam, koe Jehannes by Jarich Bakker komme. Dy wie boer yn Raard; de buorkerij stiet oan it begjin fan Raard, links.

It wie in tiid fan krapte. Mem Lieuwkje koe mei har grutte húshâlding mar amper rûnkomme. Jo moatte ris neigean: heit fertsjinne by de boer seis goune yn 'e wike en de bern brochten ek noch wat yn, mar dat wie net folle! It wie sa slim dat mem Lieuwkje somtiden net wist wat se de oaredeis ite moasten. Minsken om harren hinne seagen dat wol en sa barde it dat der sa no en dan in sekje ierappels by de doar stie! En de bakker van Raard, Kees van der Ploeg, hie al tsjin Lieuwkje sein: "Sa lang as ik bakker bin, krije jo te iten!" Letter, doe't de tiden wat better waarden hat mem de bakker bytsje by bytsje wer ôfbetelle. "No binne we wer lyk, Lieuwkje", sei de bakker. En Lieuwkje wist it: In lyk man is in ryk man. Mar de soargen soene bliuwe, want ûnderwylst wie de hiele húshâlding nei Lichtaart ferhúze. Boppe op de terp stie in âlde wente, wer't Kees en Riemy harren noch altiten tegearre ophâlde, der setten hja harren mei syn tolven te wenjen.

Yn 'e Dútse tiid kaam der fan heger hân in feroardering dat alle jonges tusken 17 en 25 jier har op it gemeentehûs melde moasten foar de Arbeitseinsatz. Dat hâlde yn dat se faaks wurkje moasten yn 'e wapenynndustry. Jo koenen der ûnderútkomme as jo oantoane koene dat jo foelen ûnder bysûndere omstannichheden, sa as boeresoannen, dy't meiwurken oan de produksje fan it iten.



Dit binne Jan en Lieuwkje Wassenaar by de foardoar fan harren hûs op 'e Lichtaarder terp.

Mem Lieuwkje sil wol tsjin Jan sein ha, dat ús Jehannes ûnder gjin beding yn Dútslân kaam te wurkjen. Dus barde it dat Jehannes yn'e Trynwâlden ûnderdook , mar de frou fan it hûs wie der sa grutsk op dat se dat oan eltsenien fertelde. En in gouden rigel yn oarlochstiid wie, dat de muorren earkes ha! Dus Jehannes moast der wei en belâne op in túnderij yn Jelsum, by in sekere Hettinga. Dêr hie hy it wol nei 't sin, mar sa no en dan moast er wolris even nei syn broers en susters en net te ferjitten syn leave mem ta. Dat by donker fytste hy dan fan Jelsum nei Lichtaart, faaks yn 't wykein.

Sa wie hy op in moaije sneintejûn yn augustus even ûnder melken nei Yde Wierda ta. Dy wenne, wer't Jan en Tietsje no wenje. Even derhinne om in praatsje oer it waar, it fee en dat soarte fan dingen. Hawar, Jehannes komt wer by Yde wei en sa komme der fjouwer lânwachters oanfytsen. Jehannes rekket wat yn panyk; yn elts gefal hy set it op in rinnen, wat er meskien net dwaan moatten hie! En ien fan dy ferkearde mannen begjint op dy moaije sneintejûn te sjitten. Jehannes fljocht it hûs yn en raast it út: "Mem, mem de Dútsers sjitte...". Jo kinne begripe, wat in opskoar dat by de Wassenaars en de Lichtaarders joech . Jehannes wurdt troch de lânwachters pakt en hy moat op syn âld fyts mei nei Dokkum ta. Klaas van Sinderen stie op it Lichtaarder brechje te dounsjen fan lulkens! In pear dagen letter moatte hy en noch in jonge Kingma oer de Syl yn Dokkum tusken in oantal Dútsers nei in frachtauto rinne. Der stiet in kloft minsken op 'e Syl en guon minsken roppe dat se fuotrinne moatte en ferdwine tusken it folk! De jonge Kingma pakt syn kans en ferdwynt yn'e minskemassa, mar Jehannes doart it net oan en wurdt nei Ljouwert ta brocht! Heit Wassenaar hat noch syn bêst dien om frijstelling foar syn soan te krijen, mar yn Ferwert siet doe ek al in foute boargemaster. Mem Lieuwkje is noch in pear kear yn Ljouwert west; de tredde kear dat se tegearre mei har dochter kaam , wie Jehannes al ûnderweis nei Amersfoart.

Fan dêrút mei de trein nei Neuengamme, ticht by Hamburg. Nei alle gedachten moast Jehannes dêr djippe slúven grave of stellingen fan modder opgoaie as ferdigening tsjin de tanks fan de Alliearden.

In skoft nei de oarloch komt de fam. Wassenaar mei in sekere Pleun Hengst yn kontakt. Hy fertelt dat hy tegearre mei Jehannes oparbeide hat en dat Jehannes yn syn earms stoarn is. Yn september 1945 krije heit en mem offisjeel te hearren dat Jehannes der net mear is! It hat noch hiel

lang west dat mem by nacht yn'e bedstee oerein skeat as der in autoljocht oer de dyk kaam. Ek baarnde der sa no en dan it bûtenlampke en de houten blinen stiene faak iepen at se fanwegens de kjelt ticht moasten. Jo moatte neigean: Jehannes, de âldste fan de tsien en berne op earste Krystdei....

Op in snein yn septimber 1945 binne sawat alle Lichtaarders nei it âlde tsjerkje gien om de routsjinst foar Jehannes by te wenjen. Ik sitear ds Huisman: "Zondag 20 augustus 1944, dat was zijn laatste dag hier in Lichtaard. Even naar huis gekomen van de plaats, waar hij reeds langen tijd was ondergedoken, werd hij 's avonds gegrepen. Staande op den weg zag hij het gevaar naderen. Het gevaar dat hij nog trachtte te ontvluchten, maar wat niet meer mogelijk bleek. Weldra immers hadden zijn belagers hem te pakken, namen hem mee in hun brute verblinding. Zetten hem gevangen, totaal onschuldig, zooals zij zoovele onschuldigen gevangen hebben genomen..."

It is al wer 67 jier lyn, dat de oarloch sels oan Lichtaart net foarby gie. En as de flage dan op 'e Flieterpen op fjouwer maaie healstok hinget, dan kinne we even oan Jan en Lieuwkje tinke.

Mei dank oan Einte en Baukje en Jan en Tietsje.

ORDE VAN DE ROUWDIENST
voor
JOHANNES WASSENAAR
Geboren 25 Dec.1924.
Overleden 17 Dec.1944.
te Neuengamme.
Gehouden den 26 sten Sept.1945
in de Ned.Herv. Kerk te Lichtaard.
Votum
Groet
Zingen: Gez.198:1,3. N.B.Gez.184.
Schriftlezing: Ps.23.
Gebed
Zingen: PS.103:7,8,9.
Prediking. 1.
Zingen: Ps.89:1.
Prediking: 2.
Geloofsbelijdenis.
Zingen: Gez.52:13. N.B. Gez.208.
Gebed
Zingen: Ps.73:13.
Zegen

9 April 1947.
Den Heere J. Wassenaar,
Lichtaard,
FERWERDERADEEL
De meedogenloze vijand zag in Uw zoon
Johannes, dien U thans betreurt, een gevaar
zijn misadig. bedoelingen. Zou moest
hij naar een concentratiekamp gevoerd worden.
Door alle leed, wat zijn deel werd, is
hij op 17 December 1944 te Neuengamme over-
leden.
Ik kom U en de overige familieleden als-
nog Mijn oprechte deelneming betuigen bij dit
zware verlies. Moge zijn nagedachtenis U een
steun in het verdere leven blijven.
Wilhelmina

Condoleance fan Wilhelmina

Heist, 26 des
Roemer/Visscher

W. Vp.

Met ontroering
men we uit het Fr. Dagblad de
slag, die U getroffen heeft, toen
U vernam, dat ook Uw oudste,
Johannes, gevallen is ten offer voor
Vooruit en Vaderland, door wreed
geweld en sadistische moordrecht.
We leven mede in Uw smart en
betrüffen U langs deze weg onze innige
deelneming. Ik heb steeds de aang-
naamste herinneringen behouden aan
Uw kinderen, aan den nu ontlapene,
kewel als aan Dirk en Hans en de
anderen, die U schenke U bij den
voortdure de troost, waagven de
adventie gewaagt. Maar dat
ge hem zo moest missen is een
harde weg voor het vlees en also
ge allen daarop richt, is de smart
haast niet te dragen. Maar ik,
die gaf en nu maar, trooste U,
wahr mensentrost, be kort zou
komen. Nu hij er niet meer is, ge
wel ik in mijn hart, dat ik veel
van hem gehouden heb. En daarom
kan ik ook in Uw droefheid zo mee-
leven en Uw weestand nu vertellen.
En gedachten ben ik op dit oogenblik
bij de rouwdenot in de kerck aan
weg, welke gehouden wordt op de oogen-

blikken, dat ik deze schrijff
hoe lang is t al wees ge-
leden, dat hij van U heen-
ging. En zo hebben jullie
maandenlang in spanning
en vrees geleefd, altijd
nog hopen op een weder-
gien. Maar nu begint de
hoop op een wederzien in
beter oord dan deze door de
gode verdoover, wereld.
God geve ons, dat die hoop
eenmaal in zalig aanschouwen
worde vervuld. "Wie hoop
moet al ons leed verachten"
U loebiddende, dat God daarin
moogt slijen leven, met
drooge gewet
Uw. Vp.
A.F.Z. J. Bulthuis
R. Visscher laan 2
Heist.

Reactie fan meester Bulthuis



De hele familie Wassenaar
fotootsje fan Johannes is der by plakt.